

# Frysk foar Frysktaligen

## learstof en oefeningen foar perioade 2 fan it skoallejier 2015-2016

### Ynstruksje:

De stof is ferdield oer lesperioade 2 en 3. It materiaal komt meikoarten online op [henkwolf.nl](http://henkwolf.nl) -> Argyf. It stiet by it jier 2015. Wa't dielnimme wol oan de les, moat it húswurk foar dy les makke ha.

### Wurdboek:

Foar it folgjen fan dit fak hawwe de studinten in ienfâldich Frysk-Nederlânsk/Nederlânsk-Frysk wurdboek nedich.

### Toets:

Der binne twa toetsen Frysk foar Frysktaligen yn pabo 1.

\* De earste toets wurdt ôfnaam yn de toetswiken nei lesperioade 2. Foar elk berneboekeferslach dat op 'e tiid ynlevere is, krijt de studint 0,5 punt by it tentamensifer op (maks. 1,0 punt yn totaal).

\* De twadde toets wurdt ôfnaam yn de toetswiken nei lesperioade 3. Foar elk berneboekeferslach dat op 'e tiid ynlevere is, krijt de studint 0,2 punt by it tentamensifer op (maks. 0,6 punt yn totaal).

### Berneboeken:

Elke studint lêst yn jier 1 selsstannich fiif boeken. De plenning sjocht der sa út:

- \* in printeboek foar groep 1/2: wike 48 (23 novimber)
- \* in boek foar groep 7/8: wike 2 (11 jannewaris)
- \* in boek foar groep 4/5/6: wike 6 (8 febrewaris)
- \* in boek foar groep 4/5/6: wike 10 (7 maart)
- \* in twadde boek foar groep 7/8: wike 12 (21 maart)

Jim meie de boeken sels útsykje, mar se moatte by de leeftydsgroep passe dy't oanjûn is. Freegje by twivel de dosint. Se meie net âlder wêze as 1980. Net tastien binne stripboeken, boeken fan De Kameleon, Harry Potter en De tsien fan Martens Afke.

Yn de les krije jim in opdracht foar in boekferslach. Dy opdracht is alle kearen wer oars. Jim hearre pas yn de les wat de bedoeling is.

## **Les 1**

### **wike 46**

#### Ynhâld les:

- \* útlis
- \* nivo bepale, groepen yndiele
- \* diktee
- \* besprek diktee
- \* húswurk

#### Tink derom:

- \* Oer fjirtjin dagen moastst dyn earste berneboek (foar groep 1/2) lêzen hawwe!
- 

## **Les 2**

### **wike 47**

#### Húswurk foar les 2:

- \* Besjoch op [www.henkwolf.nl/filmkes](http://www.henkwolf.nl/filmkes) de earste twa filmkes (s/z/f/v en g/ch).
- \* Lês de útlis oer de s/z/f/v en g/ch.
- \* Lear de ynterferinsjes út 'e holle: Frysk-Nederlânsk en Nederlânsk-Frysk.
- \* Meitsje opdracht 1-4 en nim dyn útwurking mei nei de les ta.

#### Ynhâld les:

- \* frijstellende toets (foar sommige studinten)
- \* Kahoot (foar de oare studinten)
- \* húswurk neisjen
- \* nije oefeningen
- \* besprek nije oefeningen

#### Tink derom:

- \* Nije wike moastst dyn earste berneboek (foar groep 1/2) lêzen hawwe!

## **Les 3**

### **wike 48**

#### Húswurk foar les 3:

- \* Besjoch op [henkwolf.nl/filmkes](http://henkwolf.nl/filmkes) de filmkes oer s/z/f/v, g/ch en oe-klanken.
- \* Bestudearje de learstof fan les 3.
- \* Meitsje opdracht 1-3 fan les 3. Nim dyn útwurking mei nei de les ta.
- \* Lês in berneboek foar groep 1/2 út en nim it mei nei de les ta.

#### Ynhâld les:

- \* opdracht by it berneboek
  - \* húswurk neisjen
  - \* opdrachten meitsje
  - \* opdrachten neisjen
- 

## **Les 4**

### **wike 49**

#### Húswurk foar les 4:

- \* Besjoch op [henkwolf.nl](http://henkwolf.nl) de filmkes oer u/ú, dakjes en tips fan Henk.
- \* Bestudearje de learstof fan les 4. Lear de ynterferinsjes ek goed.
- \* Meitsje opdracht 1-3 fan les 4 en nim dyn útwurking mei nei de les ta.

#### Ynhâld les:

- \* alles fan de foarige lessen herhelje
- \* húswurk neisjen
- \* wurdskatopdracht meitsje
- \* wurdskatopdracht neisjen
- \* oefenje mei foarlêzen

#### Tink derom:

- \* Yn wike 2 moastst in boek lêzen hawwe foar groep 7/8. Ast ferstannich bist, begjinst der no al fêst oan.

## **Les 5**

### **wike 50**

#### Húswurk foar les 5:

- \* Herhelje de learstof en oefeningen fan les 2-4
- \* Lear de ynterferinsjes fan lear 4 goed út 'e holle (Frysk-Nederlânsk en Nederlânsk-Frysk).
- \* Besjoch op [henkwolf.nl/filmkes](http://henkwolf.nl/filmkes) de filmkes oer de soldaten-regel, de oergongs-w en de i/y-klanken
- \* Bestudearje de learstof fan les 5.
- \* Meitsje opdracht 1-5 fan les 5 en nim dyn útwurking mei nei de les ta.

#### Ynhâld les:

- \* húswurk neisjen
- \* diagnostyske toets les 1-5
- \* sels lesmateriaal meitsje

## **Les 6**

### **wike 51**

#### Húswurk foar les 6:

- \* Besjoch op [henkwolf.nl/filmkes](http://henkwolf.nl/filmkes) de filmkes oer twalûden, lange ij en koarte ei, -d's en -t's
- \* Bestudearje de learstof fan les 6.
- \* Meitsje opdracht 1-2 fan les 6 en nim dyn útwurking mei nei de les ta.

#### Ynhâld les:

- \* húswurk neisjen
- \* diktee
- \* opdrachten meitsje
- \* opdrachten neisjen
- \* sels lesmateriaal meitsje

#### Tink derom:

- \* Wy hawwe in pear wike fakânsje. Learstof kin maklik fuortsakje, dus hâld yn dyn eigen belang dyn Frysk in bytsje by troch alle dagen in pear minuten Frysk te skriuwen, te lêzen en te oefenjen mei it brûken fan geef Frysk.
- \* Ferjit net datst yn wike 2 in boek foar groep 7/8 útlêzen hawwe moastst.

## **Les 7**

### **wike 1**

#### Húswurk foar les 7:

- \* Besjoch op [henkwolf.nl/filmkes](http://henkwolf.nl/filmkes) alle filmkes dy'tst noch net sjoen hast of dêr'tst de ynhâld net mear fan witst
- \* Bestudearje de learstof fan les 7.
- \* Lear de ynterferinsjes fan les 7 goed út 'e holle (Frysk-Nederlânsk en Nederlânsk-Frysk).

#### Ynhâld les:

- \* diktee
- \* taalspultsje
- \* skriuwopdracht

#### Tink derom:

- \* Nije wike moatst dyn twadde berneboek (groep 7/8) útlêzen hawwe.
- 

## **Les 8**

### **wike 2**

#### Húswurk foar les 8:

- \* Nim alle learstof noch in kear goed troch.
- \* Besjoch alle oefeningen noch in kear goed.
- \* Soargje derfoar datst in boek foar groep 7/8 lêzen hast. Nim it mei nei de les ta.

#### Ynhâld les:

- \* opdracht by it berneboek
- \* besprek skriuwopdracht fan de foarige les
- \* oefentoets

# Húswurk (learstof en oefeningen)

## Foar les 2:

### De 's' en de 'z', de 'f' en de 'v'

Oan it begjin fan in Frysk wurd stiet noait in 'v' of in 'z'. Oan 'e ein fan in wurd ek net. Dat is logysk, want wy sprekke op dy plakken ek noait in 'v' of in 'z' út. Midden yn in in wurd folgje wy de útspraak. De regels binne deselde as yn it Nederlânsk.

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
zee	see
zuiver	suver
vee	fee
vaak	faak
koffie	kofje
toveren	toverje
bazen	bazen
tassen	tassen

Trije nuvere gefallen: dizze / televyzje / twivelje.

### De 'g' en de 'ch'

Oan it begjin fan in wurd stiet noait in 'ch'. Oan 'e ein fan in wurd stiet noait in 'g'.

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
chaos	gaos
chemisch	gemysk
berg	berch
ploeg	ploech

Midden yn in wurd bepaalt de útspraak wat je skriuwe. Ast it ferskil tusken 'ch' en 'g' net goed hearre kinst, dan kinst ek as regel ûnthâlde:

Midden yn in wurd yn prinsipe in 'g'. Mar wol in 'ch' yn de folgjende gefallen:

- yn in ferlytsingswurdsje (dwerchje, bichje, ploechje)
- foar in –s of in –t (wat suffichs, do dochst, hy wachtet)
- as it Nederlânsk itselde wurd hat mei 'ch' (kachel, nacht, bochel)
- direkt foar –heid (aardichheid, rarichheid, moaiïchheid)

Soms moastst 'gg' skriuwe as de foargeande klank koart is. De regels dêrfoar binne deselde as yn it Nederlânsk (waggelje, rogge, bigge)

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
bergen	bergen
opbergen	opbergje
tegel	tegel
mogelijk	mooglik
bergje	berchje
licht	ljocht
richel	richel
waardigheid	weardichheid
vlag	flagge

### Ynterferinsjes

De ûndersteande geef-Fryske wurden moastst kenne foar de toets.

Nederlânsk:	Frysk:	Nederlânsk:	Frysk:
moeilijk	slim, dreech, lestich	bijna	hast
bijvoorbeeld	bygelyks	namelijk	nammentlik
iets	wat	toen	doe
erg	slim	tot	oant
zich	him, har, harren	rekening	rekken
hun	harren	eisen	easkje
mijn vader/moeder	ús heit/mem	voldoende	foldwaande
onze	ús	veel	in soad/protte
het einde	de ein	een taal spreken	in taal prate
zometeen	aanst, aansen	hoofdstuk	haadstik
groter dan	grutter as	slecht	min
vanaf 8 jaar	fan 8 jier ôf	steeds	hieltyd
boven	boppe	beneden	ûnder
welke	hokker	tijdens	ûnder, yn
geschiedenis	skiednis	langzaam	stadich
wie	wa	snel	fluch, gau
kleuter	beuker	bezig	dwaande
peuter	pjut	ongeveer	om-ende-by
samen (2 mensen)	tegearre	samen (3 of meer)	mei-inoar
volgende week	nije/oare/takom wike	vorige week	ferline wike
rond 8 uur	om 8 oere hinne	toch	dochs
boerderij	(boere)pleats	boerenwerk	buorkerij

### Opdracht 1

Skriuw de ûndersteande sinnen oer. Folje yn op de puntsjes: **s/ss, z/zz, f/ff, v/vv**:

1. Op it ...trân by de Noard...ee dra...e ...ân bern de ...ee yn.
2. ...e roppe en ra...e as ...e in ...ee...ûgel ...jogge.
3. Wacht...je, ik moat di...e gri...e ...okken earst noch e...kes ...uortbringe.
4. ...et de ...aas mei blommen mar op 'e ta...el.
5. Yn it ...jild ...ljocht in ha...e en ...eis lytse ha...kes huppelje  
...leurich achter him oan.
6. Ik si... dochs dat ik dat ...wiete ...nobbersguod net opite wol.
7. ...y hat alle brie...en juster lê...en.
8. Klaske woe net antwurd...je op de ...raach oer dy drege wurd...jes.

### Opdracht 2

Skriuw de ûndersteande sinnen oer. Folje yn op de puntsjes: **g/gg of ch**.

1. Ik sjo... gjin hân foar de ea...en.
2. Sjo...sto dy mi...en tsjin dy he...e muorre omhee... klimmen?
3. De boer ploeg...et syn lân mei in ploeg...je.
4. Wat in aardi...e jonge hasto útnoe...e.
5. Myn ...iele broek hin...et by de ka...el te droe...jen.

6. In bi...e is in lyts bar...je.
7. It wie net moo...lik om dy ...rouwe balke troch te sea...jen.
8. De brê...e bû...de hast tro... doe't dy fra...twein deroer ried.
9. Der flea...en in pear blauwe mi... en om.
10. De lytse do.. eneat ...ong der mei de mi...eklapper efteroan.
11. It wie foar him hast ûnmoo...lik om dy ynsekten dea te slaan.
12. Myn ma.....e kin de ....rauwe earte net ferdra....e.

### Opdracht 3

*Skriuw de ûndersteande Fryske wurden oer en set de Nederlânske oersetting derby.*

genôch	geef	acht	daagliks
deugd	hy sjocht	gesellich	geselliger
heech	hege	heechst	lege
tocht	dochs	wy hoege	do fljochst
berch	bergen	richel	do draachst
feilich	hy hoegde	ik seagje	in seachje
deeglik	wy bargje	wy sjogge	wy dogge

### Opdracht 4

*Set de folgjende sinnen oer yn it Frysk.*

1. Jan en ik doen dit hoofdstuk samen.
2. De geschiedenis van de boerderij is aardig.
3. Vorige week was de zee nog veilig.
4. Mijn moeder spreekt Fries.
5. Ik kan het einde niet verdragen.
6. Een biggetje is een klein varkentje.
7. Boven hoefde hij niet te zagen.
8. Zometeen komt de rekening.
9. Peter, Nynke en ik doen bijna alles samen.
10. Een zes is een voldoende, een acht is goed.

### Foar les 3:

#### Lytse wurdsjes

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>	<u>foarbylden:</u>
het	it	it hûs, it famke. It reint. It leit op 'e tafel.
er	der	Der stiet nijs yn 'e krante. Wat is derfan wier?
hij / ie	er	Wêr wennet er? Ik tink dat er komt.
daar	dêr	Sjoch, dêr komt Syb! Dêr hienen wy it krekt oer!
een	in	in appel, in hûs, in kompjûter, in barchje
in	yn	yn de beker, yn Fryslân. Wat sit dêryn?
één	ien	len plus ien is twa. Ik sis it noch ien kear!
weer	wer	Dêr is de NHL wer! Pytsje is wer nei hûs ta.
waar	wêr	Wêr bisto? Jan wennet yn Grins, mar wêr presys?
terug	werom	Hy moatte hinnen dan ek wer werom. Moarn kom ik werom.
waarom	wêrom	Wêrom bist sa let? Ik wit net wêrom.

#### De 'û' en de 'oe'

De oe-klank wurdt meastal as 'û' skreaun (*bûter, hûs, kompjûter*). Mar hy wurdt as 'oe' skreaun as it Nederlânsk min-ofte-mear gelyk itselde wurd hat mei 'oe' (*boek, stoepe, skroef*).

Der binne útsûnderingen, bygelyks: *ik joech, folwoeksen, ik ha droegen*.

Der is ek in twalûd. Dat klinkt as in 'oe' mei in lytse 'e' derachteroan. Dat twalûd wurdt altyd skreaun as 'oe'. Foar in 'r' stiet noait in gewoane oe-klank, dan hat men altyd it twalûd. Foarbylden mei it twalûd: *koel, stoel, stoer, djoer, goed, hoed*.

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
rond	rûn
sloom	slûch
huis	hûs
trekken	lûke
stoep	stoepe
broek	broek
droog	droech
ik gaf	ik joech
stoel	stoel
natuur	natoer
duur	djoer

Tink derom: sommige minsken sprekke *hûs* út mei in twalûd. Dat is gjin Standertfrysk.

#### Opdracht 1

Geef in het Nederlands antwoord op de volgende vragen. Formuleer je antwoord in volledige zinnen.

- Waarom schrijven we "broek" in het Fries met "oe" en "lûke" met "û"?
- Waarom schrijven we "berch" in het Fries met "ch" en niet met "g"?
- Waarom schrijven we "in lyts barchje" in het Fries met "ch" en niet met "g"?
- Waarom schrijven we "Do moastst net sa bargje!" in het Fries met "g" en niet "ch"?
- Wat is de Nederlandse vertaling van het Friese woord "werom"?

**Opdracht 2**

*Skriuwe de ûndersteande wurden oer en folje op de stipkes 'oe' of 'û' yn. Lis by alle wurden út wêrom't dat de goede staveringswize is:*

- |                                 |                                      |
|---------------------------------|--------------------------------------|
| 1. sl...ch wêze                 | 6. juster j...ch er my in presintsje |
| 2. h...ndertt...zen             | 7. in p...de drop                    |
| 3. yn 'e h...s komme            | 8. in g...ne wie 10 d...beltsjes     |
| 4. oertsj...gje                 | 9. gr...psopdrachten                 |
| 5. útwurkje op ' e kompj....ter | 10. in iism...tse                    |

**Opdracht 3**

*Set oer yn it Nederlânsk.*

- |           |              |
|-----------|--------------|
| a. werom  | b. wêrom     |
| c. beuker | d. buorkerij |
| e. hokker | f. er        |
| g. der    | h. dêr       |
| i. in     | j. yn        |

**Foar les 4:****De u-klanken**

De u-klank fan *tún* of *drúf* kin op twa manieren skreaun wurde:

Yn in sletten lettergreep skriuwe wy him as 'ú' (mei in streepke): *tún*, *drúf*, *búk*, *tút*, *lúkse*

Yn in iepen lettergreep skriuwe wy him as 'u' (sûnder streepke): *tu-nen*, *dru-ven*, *tu-ten*

Fierders hat it Frysk in twaklank dy't bestiet út in koarte u-klank, mei in lyts uh-klankje derachteroan. Dy twaklank wurdt altyd skreaun as 'ue'. Dêrom skriuwe wy *natuer*, *puer*, *figuer*.

**De dakjes en de streepkes**

Der binne fjouwer letters mei in dakje derop. Dat binne *û*, *ê*, *â* en *ô*.

*û* (sjoch les 3)

*ê* - de lange klank fan *bêd*

*â* / *ô* - de lange klank fan *stâl* en *bôle*. Der is gjin dúdlike regel foar wannear't je de *â* of de *ô* brûke moatte.

Utsûndering: der binne trije wurden mei in *e* sûnder dakje dy't wol in lange klank hawwe. Dat binne *bern*, *gers* en *(be)ferzen*.

Nei in letter mei in dakje krijst noait in dûbeld bylûd ('medeklinker'). It is dus *bôle* en net *bôlle*.

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
rond	rûn
trekken	lûke
zak	pûde
bed	bêd
zijn	wêze
oud	âld
zeven/zand	sân
brood	bôle
rollen	rôlje

Tink derom: de klank fan *sân* ('zand' of 'zeven') is in bytsje oars as dy fan *soan* ('zoon').

Ast in wurd langer makkest, kin it foarkomme dat in lange klank koart wurdt. It dakje ferdwynt dan ek fan de letter. Tink mar oan it wurd *bêd* (mei in lange klank) en in wurd *bedsje* (mei in koarte klank).

Foarbylden:

<i>bôle</i>	<i>bôlen</i>	<i>boltsje/bôltsje</i>	<i>bôlekoer</i>
<i>rôt/rot</i>	<i>rotten</i>	<i>rotsje</i>	<i>rottefanger</i>
<i>lân</i>	<i>lannen</i>	<i>lantsje</i>	<i>lânbou</i>
<i>stâl</i>	<i>stâlen</i>	<i>staltsje/stâltsje</i>	<i>stâlfeint</i>
<i>stêd</i>	<i>stêden</i>	<i>stedsje</i>	<i>stedsbestjoer</i>
<i>bêd</i>	<i>bêden</i>	<i>bedsje</i>	<i>bêdeguod</i>

In streepke ha wy allinnich op de letter *u*. Sjoch dizze les. Op oare letters komt soms ek in streepke foar, mar dan is dat om oan te jaan dat de klam ('klemtoon') dêrop leit.

## Ynterferinsjes

De ûndersteande wurden binne goed Frysk. Wy ferfange se soms troch (heal-)Nederlânske wurden. Kensto se allegear noch? Sa net, sykje de betsjutting dan op yn dyn wurdboek en lear se út 'e holle (Frysk-Nederlânsk en Nederlânsk-Frysk).

wurdboek	stik greide
harren	pisje
skiep	kaai
bonkerak	kij
hohâlde	omkesizzer
froulju	gearkomste
lulk	brûke
eamelders/mychhimmels/mychammels	weitôgje
glimkje	brêgeman
beppesizzers	tryst

### Opdracht 1

Folje 'u' , 'ú' of 'e'.

1. Wy hawwe ....s parapl..... yn it muse.....m fan Star.....m stean litten.
2. Wat n...ver dat it yn de t.....n sa kâld is.
3. De r...ter krige in t...t fan in famke yn in br...ne jurk.
4. 'Wolst apen.....ten ha of hast leaver dr.....ven?'
5. Wat stiet der op it men...?
6. De man yn it ...nifoarm joech it famke twa t...ten.

### Opdracht 2

Folje yn: o, ô, a, â, e of ê

1. M...m koe net kr...kt sj....n oft Folkert no s....It of s....n yn 'e keamer struid hie.
2. De b... rn moatte leare om mei de mûle ticht te k...gjen
3. It g....rs wie fan 'e moarn noch bef....rzen, mar de redens kinne noch n...t út it f...t.
4. De dr....ve man mei de st....k yn 'e h...n, hat syn w...nten weit...ge.
5. 'W....r binne myn s....kken?', r...p de J...n al w...r foar de tredde kear.
6. 'No, d....r!' sei m...m, 'It sykjen giet dy net b....st ....f wol?'
7. It ...lde mantsje seach de r...t efter de sek s....n sitten.
8. 'Gr...t is gjin iten en k...ld al hielendal net!', sei heit.
9. 'Us mem wurdt sa súntsjeswei in d....f, .....ld wyfke', sei H....ns.
10. Us heit k....ke de hin dy't Jan pl....ke hie en de bern k...gen op it s...lte fleis om.
11. De f...le rint al yn it l...n en hoecht net mear op st...l.
12. De m...le keardel w...de tsjin de r...ne fan it stoepke oan.

**Opdracht 3**

Yn de sinnen hjirûnder steane wurden dy't út it Hollânsk wei yn it Frysk glûpt binne. Ferfang se troch de geve Fryske wurden dy't derboppe steane. Moatst alle wurden út it listje brûke. Meist dyn wurdboek derby brûke.

wurdboek	stik greide
harren	pisje
skiep	kaai
bonkerak	kij
hohâlde	omkesizzer
froulju	gearkomste
lulk	brûke
eamelders/mychhimmels/mychammels	weitôgje
glimkje	brêgeman
beppesizzers	tryst

1. It famke wist net mear wêr't se har sleutel brocht hie.
2. Yn dat weilân stienen mear as tritich skieppen.
3. Wolst my efkes nei dy fergadering ta bringe?
4. Alde Tryntsje wie hiel ferdrietich doe't har lytsbern ferhuzen.
5. Myn broer hat in famke krigen, dat ik ha der wer in nichtsje by.
6. Wolle jim ek wat fergif om fan dy mieren ôf te kommen?
7. Ik kin der net goed by dat dy bern hieltyd har wurdeboek ferlieze.
8. Der wienen twa frouwen by dy't hun bruidegom net sels útkeazen hienen
9. Wolst efkes stopje? Ik moat plasse.
10. Nei al dy jierren wit er noch net hoe't er de mûs gebrûke moat.
11. Hee ju, moatst net sa boas nei my sjen!
12. Foar yn it klaslokaal glimplaitsje in geraamte en twa opsette kowen ús oan.

**Foar les 5:****De SOLDATEN-regel**

Soms hearst yn in Frysk in o-klank, mar skriuwst in *a*. Wannear is dat no?

Dat ia as it Nederlânsk min-ofte-mear itselde wurd hat mei in *a* deryn en as direkt derachter ien fan de letters *s//d/t/n* (ezelsbrechje: SOLDATEN) stiet. Dêrom skriuwe wy:

klasse, bal, altyd, advertinsje, dat, man (Nederlânsk wurd mei *a* en foar in SOLDATEN-letter).  
tros, fol, hol, bod, snotte (Nederlânsk wurd net mei in *a*)  
hok, stopje (net foar in SOLDATEN-letter)

**De tusken-n**

It Frysk hat gjin tusken-n.

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
hondenhok	hûnehok
stoelendans	stuolledûns
kippenhok	hinnehok / pikehok
platenspeler	platespiler

**De oergongs-w**

Nei de *ou* en de *au* komt yn it Frysk normaalwei gjin *w*. Wy skriuwe bygelyks *gebou* en *blau*. Der komt soms wol in oergongs-*w* nei de *ou* of *au*. Dy is nedich foar de útspraak as der nei de *ou/au* noch in lûd ('klinker') komt. De oergongs-*w* komt ek nei oare lûden foar as er foar de útspraak nedich is.

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
gebouw	gebou
gebouwtje	geboutsje
gebouwen	gebouwen
blauw	blau
blauwe	blauwe
duif	do
duiven	dowen
eeuw	ieu
eeuwen	ieuwen

**Tiidwurdfolchoarder 1**

Yn it Nederlânsk steane de tiidwurden faak yn in oare folchoarder as yn it Frysk. In pear foarbylden:

(1) Ned.: Ik kan dat lekkere bier niet laten staan  
Frysk: Ik kin dat lekkere bier net stean litte

(2) Ned: Zou je me willen helpen?  
Frysk: Soest my helpe wolle?

Soms hat it Nederlânsk twa mooglikheden en it Frysk mar ien:

(3) Ned.: Waar denk je dat ik over heb gezongen / gezongen heb?  
Frysk: Wêr tinkst dat ik oer songen ha?

- (4) Ned.: Weet jij wanneer we worden opgehaald / opgehaald worden?  
Frysk: Witsto wannear't wy ophelle wurde?

Hoe kinst no witte wat yn it Frysk de goede folchoarder is? Der binne trije trúkjies om dêrachter te kommen:

1. As der yn it Nederlânsk mar ien folchoarder mooglik is, dan is de folchoarder yn it Frysk oarsom. Dat is it gefal by de sinnen (1) en (2) hjirboppe.
2. Fierder kinst ûnthâlde dat yn it Frysk it belangrykste tiidwurd foar it helptiidwurd komt. Meastal drukt it belangrykste tiidwurd in hanneling út.
3. In tredde trúkje is dat it tiidwurd mei de sterkste klemtoan foarop komt.

### De i-klanken

It Frysk hat in koarte i-klank. Dy klank komt ek foar yn it Nederlânsk. Yn dy taal wurdt er hast altyd skreaun as 'ie'. Yn it Frysk wurdt er yn in sletten lettergreep skreaun as 'y'. Yn in iepen lettergreep wurdt er skreaun as 'i'.

Foarbylden:

sletten lettergreep: fyts, dyk, rea-de byt, kryt-sje, byf-stik, yn, myn-wur-ker, skyf-ke

iepen lettergreep: di-ken, rea-de bi-ten, pi-ke-fel, di-ver-si-teit, mi-nes, ti-tel

Mar hielendal achter oan in wurd wurdt de koarte i-klank skreaun as 'y'.

Foarbylden:

taksy, nasy, bamy, kerry, fantasy, medisy, bûzjy

It Frysk hat ek in lange i-klank. Dy komt yn it Nederlânsk allinnich foar yn Ingelske lienwurden, sa as 'beat' en 'deal'. Yn it Frysk wurdt er yn in sletten lettergreep skreaun as 'ii'. Yn in iepen lettergreep wurdt er skreaun as 'i'.

Foarbylden:

sletten lettergreep: tiid, bed-tiid, wiis, yn 'e tiis, skiif, be-tiid, wiif, striid

iepen lettergreep: ti-den, in wi-ze man, twa wi-ven, se stri-de, ski-ven

Fierders hat it Frysk in twaklank dy't bestiet út in koarte i-klank mei in u-klank derachteroan. Dy twaklank wurdt altyd skreaun as 'ie'.

Foarbylden:

sletten lettergreep: bier, diel, kiel, wier, wierheid, stien

iepen lettergreep: fer-die-ling, wie-re wur-den, mie-ning, mie-ne

Tink om dit trijetal:

wyt - de kleur wyt is tsjinoersteld oan de kleur swart, de dokter hat in wite jas oan

wiid - myn broek is te wiid trochdat ik ôffallen bin, in te wide broek past net goed

wiet - as it wiet is, dan is it net droech, dy wiete doek moat earst efkes droegje

**Opdracht 1**

Beantwurdzje de folgjende fragen:

- Wêrom skriuwe wy *sjeny* mei in *y*?
- Wêrom skriuwe wy *fyts* mei in *y*?
- Wêrom skriuwe wy *muzyk* mei in *y*?
- Wêrom skriuwe wy *piper* mei in *i*?
- Wêrom skriuwe wy *wite* mei in *i*?
- Wêrom skriuwe wy *tiid* mei *ii*?

**Oefening 2**

Meitsje gearstallingen fan de folgjende wurden:

boek + kast .....	krante + besoarger .....
brief + bus .....	sike + hûs .....
pinne + bakje .....	bern + spultsje .....
tosk + dokter .....	hûn + hok .....
bist + boel .....	panne + koek .....

**Oefening 3**

De ûndersteande gearstallingen binne ûnregelmjittich. Jou antwurd op de fragen en kontrolearje dyn antwurd yn it wurdboek.

- Wat wurdt: hynder + stâl?
- Wat wurdt: boart(sje) + guod?
- Wat wurdt: ite + tiid?
- Wat wurdt: doarp + strjitte?
- Wat wurdt: beam + wâl?
- Wat wurdt: skoalle + plein?
- Wêrom stiet der yn *linnenguod* wol in *n*?

**Oefening 4**

Skriuw it ûndersteande ferhaaltsje oer. Folje op de puntsjes yn: **i, ii, y, ie, w, ww** of neat.

De brêgeman wie oan de sk...terij. Dat kaam fan de rau...e gr...nte dy't er ...ten hie. Hy w... sels al ...n b...tsje blau... yn it gesicht, sa benau...d f...Ide er him. En dat noch wol op s...n trou...erij! De earne brêgeman s...t al foar de f...fde kear op it húske hjoed. Hy hope dat er op 'e t...d wer yn de trou...seal wêze soe. Dy lei in h...l ein fuort, oan de oare kant fan it gebou... Se s...ten fêst allegear al op him te wachtsjen. Gelokkich g... it al wer wat better. De pinebúk w... net mear sa slim.

## Foar les 6:

### Brekking

Ast in wurd mei in twaklank langer makkest, dan feroaret dy twaklank soms. Wy neame dat 'brekking'. Hjirûnder steane in pear foarbylden:

*ien stien, twa stiennen, in lyts stientsje*

De twaklank fan *stiennen* en *stientsje* is gelyk oan de twaklank fan *strjitte*. Mar omdat *stiennen* en *stientsje* fan it wurd *stien* komme, behâlde wy de skriuwwize mei *ie*.

Wy skriuwe dêrom ek net *twa fjerren*, mar *twa fearren*, want *fearren* komt fan *fear*.

Wol ferdûbelje wy it bylûd (medeklinker) om oan te jaan dat de klank feroare is, dus *stiennen* en *doarren* yn plak fan *stienen* en *doaren*. Dat dogge wy allinne as dêrnei wer in klinker stiet, dus wy skriuwe wol gewoan *stientsje* en *doarke*.

Brekking komt ek wolris foar as wy it wurd net langer meitsje. Der komme dan yn it Frysk twa útspraken foar. Sa kinne wy *Hy stiet yn de krante* mei deselde útspraak 'stjit'. Wy skriuwe dan doch *stiet* omdat dy útspraak ek foarkomt.

De regel dat wy de skriuwwize fan it basiswurd brûke jildt foar de klanken *ie*, *ea* en *oa*:

stien - stiennen - stientsje  
ik hear, wy hearre, ik ha heard  
doar - doarren - doarke

De twaklank *oe* kin ek feroarje yn in oare klank. Dy oare klank skriuwe wy as *uo*. Foarbylden binne:

stoel - stuollen - stuoltsje

Nei de *uo* wurdt it bylûd ek wer ferdûbele as dêrnei in klinker komt (*stuollen*).

### Tiidwurden op -iuwe

Der binne yn it Frysk in protte tiidwurden ('werkwoorden') dy't útgeane op -iuwe. Foarbylden binne: priuwe, skriuwe, driuwe en bliuwe. Dy tiidwurden wurde allegear op deselde manier ferbûgd.

Skriuwe

Notiid (tegenwoordige tijd)

Doetiid (verleden tijd)

Ik skriuw  
Do skriuwst  
Hy skriuwt

Ik skreau  
Do skreaust  
Hy skreau

Wy skriuwe  
Jim skriuwe  
Sy skriuwe

Wy skreaunen  
Jim skreaunen  
Sy skreaunen

Ik ha skreaun

Tink derom: it tiidwurd 'leauwe' (geloven) wurdt oars skreaun en it is regelmjittich!

### De ij-klanken

It Frysk hat krekt as it Nederlânsk de lange *ij* en de koarte *ei*. Minsken fan de Klaai kinne it ferskil tusken dy twa sels hearre, minsken út de Wâlden moatte fan elk wurd de skriuwwize ûnthâlde.

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
nieuw	nij
koeien	kij
na, naar	nei
weiland	greide

Der binne twa gebrûklike wurden mei *ai*: *laitsje* en *mais*. Fierders komt de *ai* soms foar as *wy* wurden mei *aai* langer meitsje:

aai -> aaïke / aïke  
 kaai -> kaaïke / kaaïke  
 maaie -> maaïtid / maaïtid

By de folgjende pear wurden kinst kieze tusken *y* en *ij*: *by/bij* (as ferhâldingswurd = voorzetsel), *hy/hij*, *sy/sij*, *wy/wij*, *my/mij*, *dy/dij*.

### De d's en t's yn tiidwurden

De regels foar de d's en t's binne yn it Frysk hast itselde as yn it Nederlânsk. Bygelyks:

- *Hy wurdt* (3e persoan enkelvoud, stam + t)
- *Ik ha dat net leaud.* (voltooid deelwoord, regel van 't kofschip)

Der is ien útsûndering: de doetiid (verleden tijd) wurdt yn it Frysk altyd sa koart mooglik skreaun, dus:

- *Juster praten wy de hiele jûn oer de ferkiezingen.* (Nederlânsk: *praatten*)
- *Doe't se lyts wie, prate se net folle.* (Nederlânsk: *praatte*)

### Opdracht 1

Skriuw de ûndersteande sinnen oer. Folje yn op de puntsjes: *ea/je, ie/ji, oe/uo, oa* en *ferdûbelje it bylûd as dat nedich is*:

1. De tr.....nen rûnen him oer de wangen fan de k.....ld.
2. De grouwe b.....re fan ús b.....rman is juster op 'e str.....te d.....riden.
3. Wy g.....ne teg.....re nei de ts.....rke yn it d.....rp.
4. Mei de fûle st.....rm fan .....rjuster binne ts.....n b.....mkes omwaaid.
5. De sk.....le krige in s.....d nij b.....rtersg.....d fan de b.....rgemaster.
6. Do m.....tst de leppels en f.....rken by de b.....rden lizze.
7. Yn 'e h.....rst wurde de b.....men h.....ltyd k.....ler.
8. Op de l.....der b.....re Jeltsje mei de b.....r in gat yn 'e m.....re.
9. Dy langtr.....derige ferhalen fan dy l.....raar d.....ren f.....rstente lang.
10. Yn myn sl.....p dr.....mde ik dat ik op 'e m.....ne .....n it k.....tsen w.....

### Opdracht 2

Geef in het Nederlands antwoorde op de volgende vragen:

1. Waarom schrijven we een dubbele **m** in 'beammen'?
2. Waarom schrijven we het woordje 'hear' in de zin 'Kom mar, hear' zonder **j** erin?
3. Waarom schrijven we geen **j** in 'stiennen', maar wel in 'strjitte'?
4. Kan iemand die geen Fries spreekt aan het woord 'roaske' zien of dat met breking wordt uitgesproken?
5. Waarom schrijven we maar één **l** in 'bôle'?
6. Waarom schrijven we geen dakje op de **e** fan 'stedsje'?

7. Waarom schrijven we 'jûn' (avond) met **û** en niet met **oe**?
8. Waarom schrijven we 'stoel' met **oe** en niet met **û**?
9. Waarom schrijven we 'soarch' met **ch** en niet met **g**?
10. Op welke Friese letter kan een streepje staan?

**Foar les 7:****De i-klanken en u-klanken foar de sj / zj / vj**

Direkt foar de *sj / zj / vj* wurde de i-klanken en de u-klanken oars skreaun as dat wy wend binne.

As de koarte i-klank foar in *sj / zj / vj* stiet, moatst sjen oft er klemtoan krijt. Sa ja, dan skriuwst him as *y*. Sa nee, dan skriuwst *i*.

As de lange i-klank foar in *sj / zj / vj* stiet, moatst ek sjen oft er klemtoan krijt. Sa ja, dan skriuwst *ii*. Sa nee, dan skriuwst *i*.

As de u-klank foar in *sj / zj / vj* stiet, moatst ek sjen oft er klemtoan krijt. Sa ja, dan skriuwst *ú*. Sa nee, dan skriuwst *u*.

Foarbylden: (de lettergreep mei de klemtoan is ûnderstrepe)

televy <u>z</u> je	andy <u>v</u> je
prestii <u>z</u> je	prestis <u>j</u> eus
revolu <u>s</u> je	revolusjon <u>ê</u> r

**Stomme letters**

Yn it Frysk komme ferskillende wurden foar mei letters deryn dy't net útsprutsen wurde. In oantal fan dy wurden moatst ûnthâlde, oaren komst fansels tsjin ast Fryske boeken lêst.

ôf, oft (stomme f)

âld, kâld, hâlde ensfh. (stomme l)

hjerring, hjerst, hjoed ensfh. (stomme h)

do sitst, it grutst ensfh. (stomme t)

**Ynterferinsjes**

Ademhalen – sykhelje	Kneuzen – knieze
Ik krijg het koud – Ik wurd kâld	Overleden – stoarn, ferstoarn
Ik heb het koud – Ik bin kâld	Snoepen – snobje
Krabben – klauwe	Tandarts – toskedokter
Bloeden – bliede	Overgeven – spuie
Hoofdpijn – pineholle	Smelten – rane
Verstuiken – ferknoffelje, ferstûkje	Stoppen (ophouden) – ophâlde
Kauwen – kôgje, kauje	Stoppen (stil blijven staan) – hohâlde
Slikken - slokke	Stoppen (dichtmaken) - stopje